

# Fleur, faasje, wille en earmoed yn de wrâld fan Nynke

**Plak:** De Harmonie, Ljouwert. **Foarstelling:** 'De striid om de sulveren bal' (nei trije ferhalen fan Nynke van Hichtum). **Spul:** Jan Arendz, Hilbert Dijkstra, Nynke Heeg, Marijke Geertsma, Peter Sijbenga, Lianne Zandstra, en 17 spilers fan de Jeugdtheaterschool. **Tekst:** Wiske Sterringa. **Oersetting en muzyk:** Peter Sijbenga. **Regy:** Bruun Kuijt. **Tal besikers:** útferkocht. **Noch te sjen:** 19, 20, 22, 23, 26 (matinee!) 27, 28, 29 en 30 desimber.

**LJOUWERT** - Faaks hie de krystfoarstelling fan Tryater – in ko-produksje mei de Harmonie en de Jeugdtheaterschool – better 'De striid om it bestean' hjitte kinnen, want it keatsferhaal oer de 'Sulveren bal' wie allinnich it tredde part. Fryslân om 1920 hinne wie foaral wrotte en bealje om alle mûltjes te folgjen. Lykwols wie de wrâld fan Nynke van Hichtum net sa grimmitich as de hurde werklikheid fan har man, de sosjalistelieder Pieter Jelles Troelstra. Faaks as tsjinwicht tsjin it al te brave, suver moralistyske tiidsbyld út Van Hichtum har bestseller 'Afkes Tiental' hat bewurkster Wiske Sterringa twa ploegen njonken inoar set: ien kloft spilers yn fleurich blau en ien yn in striidber read.

Yn dizze fleurige, flotte foarstelling foar bern fan acht oant hûndert-en-acht komt dy tsjinstelling lykwols net bysûnder út de ferve. As je it net lêzen hiene yn it foar, soene je it suver net witte. Miskien fynt dy tsjinstelling te min oanknopingspunten yn de ferhalen fan Van Hichtum. In grut beswier is it net, likemin as it ûntbrekken fan in trochgeande ferhaalline. Dêrfoar hat dizze foarstelling te folle faasje en ôfwikseling. De trije ferhaalen binne sa fernimstich oan inoar knope, dat je hast net it idee ha twa kear yn in nij begjin te sitten.

Regisseur Bruun Kuijt, dy't wy kenne fan 'Wat in teater!' en 'Lytse Fûgel', is dan ek in spesjalist yn it gearstallen fan in teatrale sneltrein. Tusken de fjouwer tuorren, dy't wy werkenne as it keatsersstriidperk fan de PC yn Frjentsjer, fleane ballen troch de loft, en stikjes bôle op syk nei roppige maachjes, en lytse poppen falle yn de earms fan broekes en suskes. Al dat spektakel bliuwt lykwols subtyl en tsjinstber oan it ferhaal. De moaiste prestaasje fan Kuijt is lykwols dat hy de ploech fan betûfte Tryater-akteurs en de bern en jongerein fan de Theaterschool ta in 'geolied' ensemble smeid hat, krekt as wie it ien grutte sirkusfamylje dy't al sûnt de ruften mei-inoar oparbeidet.

It heart miskien wat sunichjes om jin by sa'n teatraal feestje ôf te freegjen wat wy no krekt oan moatte mei de wrâld fan Nynke van Hichtum. Om begryplike redenen is der



In byld út 'De striid om de sulveren bal'.

Foto Karel Zwaneveld

net keazen foar in grau realisme om dy wrâld op te roppen, mar de fleurige kleuringen fan dizze mienskip stiet ek wol wer in hiel ein ôf fan de werklikheid fan doe. Geregeld stapt Jan Arendz of Hilbert Dijkstra op in guttige wize efkes út harren rol om kommentaar te jaan út it no wei, sadat se in brêge foarmje tusken de jonge sjoggers yn de

seal en Afke har tsiental. Dat soarget lykwols tagelyk foar in relativearring dy't de ôfstân noch grutter makket.

Mar ach, Van Hichtum sels wie miskien ek net sa'n djipdolster. Hoe fier dy wrâld ek fan uzes ôf stiet, der is genôch te werkennen. En in hiel soad te genietsjen.

HANS BRANS